



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaen en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Sara en Simon binne mei Daniël werom nei hûs ta reizge. Allebeide op in kamiel. It wie in lange reis fan Jeruzalem nei Kafarnaüm. Mem útfanhuze noch in pear dagen by in muoike yn Nazaret en is in pear dagen letter thúskommen. Dêr yn Nazaret hat se heard dat Jezus’ krêft yn minsken kommen is.

35. Pinkster Hannelingen 2,1-40

Ik woe wol dat ús Daniël thús wie”, sei Simon. “Dan koe dy it ferhaal fan Himelfeart ek hearre.

“Ik fertel it him letter wol”, sei Sara. Se gappe, want se wie fan ’e moarn al betiid wakker. Fansels, se wie bliid dat mem wer thús wie. Mar se moast hieltyd oan Jezus tinke. Earst waard der sein dat Er ferstoarn wei. Letter libbe Er wer. En no is Er by God yn ’e himel? Se koe it hast net leauwe.

Gelokkich, dêr komt mem oan. Dy is ek al betiid wakker.

Sara sloech de earms om mem hinne en flústere: “Ik bin sá bliid dat mem wer thús is.” Doe’t heit der ek by kaam, gie mem wer op it muorke sitten. “Ik sil jim fertelle wat der op it Pinksterfeest yn Jeruzalem barde”, sei se.

It wie drok yn Jeruzalem. Dêr rûnen net allinne minsken om dy’t yn Jeruzalem wennen, mar ek minsken dy’t fan bûten kamen. It like as kaam de hiele wrâld yn Jeruzalem byinoar.

Dat is meastal sa mei it Pinksterfeest. Want yn de timpel wurdt alle jierren it feest fan de rispinge fierd. Dan tankje de minsken God mei de lekkerste fruchten. De freonen fan Jezus genieten. Der rûnen allegear minsken út oare lannen troch de strjitten. Guon hiene mantels oan mei de moaiste kleuren. Tusken harren yn rûnen ezels dy’t kuorfolle hearlike fruchten nei de timpel droegen.

Wylst de learlingen nei de fleurige optocht stiene te sjen, kaam der ynienen in hurde tongerslach. Se skrokken en seagen omheech. Frjemd, der wie gjin inkeld wolkje oan 'e loft te sjen.

Opnij kaam der in tongerslach... En noch ien...

“Wat bart hjir?” rôp Petrus. Mar syn wurden waarden troch in wynpûst meinommen. Hy pakte Andreäs by de earm fêst. It fiede as soe er troch sa'n wynpûst meilutsen wurde.

Jakobus socht steun by de oaren. Hy rôp: “Hâld jim fêst manlju!”

Wêr kaam dy wyn sa gau wei? Se wisten werklik net wat harren oerkaam.

Doe't se nei de wolken seagen, kaam der opnij in wynpûst. En ynienen wiene der tongen fan fjoer boppe harren hollen. Wie dat de Geast fan God? Wie dat wat Jezus bedoelde, doe't er it oer de krêft fan God hie?

De Geast fan God makke harren bliid, mar tagelyk wie it ek frjemd wat der om harren hinne barde. Se begûnen trochinoar hinne te praten. It gong oer Jezus, harren Master en Hear.

De minsken dy't it seagen, waarden nijsgjirrich. Se kamen om de learlingen hinne te stean. “Hoe kin soks?” rôpen se. “Wy komme út ferskillende lannen en sprekke allegear in oare taal. En wy hearre jim oer Jezus praten yn ús eigen taal.”

It makke harren bliid. Mar der wiene ek oaren. Dy hellen de skouders op en seine: “Doge dy mânlju wol? Se hawwe grif te folle wyn dronken.”

Petrus hearde wat de minsken bepraten. Hy die in stap nei foaren en sei: “Neat fan dat alles! Jim kinne wol miene dat wy dronken binne, mar dan ha jim it wol mis! Wy fertelle elkenien dy't it mar hearre wol fan Jezus. Fan syn krúsdea, mar foaral dat Er nei trije dagen wer opstien is. Us boadskip is dat Jezus libbet!”

De minsken skrokken. Dat wie gjin dronkemanspraat!

De oare learlingen setten ek in stap nei foaren. It wie as woene se sizze: dit is de dei dat it ferhaal fan Jezus de wrâld oer giet.

Der kamen hieltyd mear minsken om harren hinne te stean. Petrus fernaam dat de minsken nei him harken. En dat se graach mear witte woene oer Jezus. Dêrom begûn er te preekjen...

“Dit is de dei dat wy alle minsken fertelle meie wat ús beloofd is: Jezus fan Nazaret is Gods Soan! Hy is krusige en ferstoarn, mar op de tredde dei hat God Him wer ta libben brocht. Jezus is net mear by ús, mar syn krêft wol. Dy krêft is as in hillich fjoer om ús hinne. Wa't jim ek binne, wêr't jim ek weikomme, dit boadskip is foar elkenien. Begjin in nij libben!”

De minsken hiene wol troch dat wat hjir ferteld waard, folslein nij wie. Se fregen:

“Wat moatte wy dwaan om in nij libben te begjinnen?”

Petrus fertelde: “Wa't twa mantels hat, moat ien jaan oan immen dy't net ien hat. Wa't genôch te iten hat, moat diele mei oaren dy't neat hawwe. Dan libje jim sa't Jezus op ierde libbe hat. Dan sil it Keninkryk fan God grif komme! Amen.”

“Amen”, seine de minsken Petrus nei, lykas oan 'e ein fan in preek.